**PARSEBERJOCHT**
19 novimber 2019

# Live ôftraap Fryske top 100 yn Drachten

**It stimmen op de Fryske top 100 fan Omrop Fryslân wurdt op sneontemiddei 23 novimber letterlik ôftrape yn it sintrum fan Drachten troch Cambuur-trainer Henk de Jong en sjonger Gurbe Douwstra. Der is dy middei ek live muzyk fan Folkert-Hans, it duo Weima & van der Werf en Lytse Hille.**

Elkenien kin fan 13.00 oere ôf terjochte op de Súdkade yn Drachten om syn of har top 5 troch te jaan yn de spesjale stimhokjes. Publyk is wolkom, de iepening is ek live te folgjen op radio en telefyzje yn it programma Sneon yn Fryslân en fia de livestream yn de Omrop-app.

**Mear punten foar de nûmer 1**
Al mear as 20 jier stjoert Omrop Fryslân op âldjiersdei in list mei de meast favorite lieten fan it Fryske publyk út. Foar in soad Friezen it ideale programma om it jier mei ôf te sluten. Komt de Cliffs of Moher fan Gurbe Douwstra wer op nûmer 1? Wurdt it Fûgels fan Die Twa? Of fûn it publyk it ferline jier dochs wol ferfrissend dat der ris hiel wat nijs boppe-oan de list kaam te stean en stimme sy massaal op in oar nûmer? Elkenien hat ynfloed op de gearstalling fan de list. Want by it ynfoljen fan in top 5, krijt de nûmer 1 mear punten as de nûmers dêrnei.

**Stimhokjes en de jukebox**
Fan sneon 23 novimber ôf kin der wer stimd wurde fia Frysketop100.nl en de Omrop-app. Dêrneist sille fjouwer wiken lang op ferskate lokaasjes yn de provinsje stimhokjes opdûke. Alle stimmers meitsje kâns op de Fryske top 100 jukebox. De jukebox wurdt fuortjûn yn de útstjoering op âldjiersdei.

---

**Noat foar de redaksje:**
Bronfermelding ôfbyldingen: ‘Omrop Fryslân’.
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876 of mk@omropfryslan.nl.

# PERSBERICHT

19 november 2019

## Live aftrap Fryske top 100 in Drachten

**Het stemmen op de Fryske top 100 van Omrop Fryslân wordt op zaterdagmiddag 23 november letterlijk afgetrapt in het centrum van Drachten door Cambuur-trainer Henk de Jong en zanger Gurbe Douwstra. Er is die middag ook live muziek van Folkert-Hans, het duo Weima & van der Werf en Lytse Hille.**

Iedereen kan vanaf 13.00 uur terecht op de Zuidkade in Drachten om zijn of haar top 5 door te geven in de speciale stemhokjes. Publiek is welkom, de opening is ook live te volgen op radio en televisie in het programma Sneon yn Fryslân en via de livestream in de Omrop-app.

**Meer punten voor de nummer 1**

Al meer dan 20 jaar zendt Omrop Fryslân op oudejaarsdag een lijst met de meest favoriete nummers van het Friese publiek uit. Voor veel Friezen het ideale programma om het jaar mee af te sluiten. Komt de Cliffs of Moher van Gurbe Douwstra weer op nummer 1? Wordt het Fûgels van Die Twa? Of vond het publiek het afgelopen jaar toch wel verfrissend dat er eens heel wat nieuws bovenaan de lijst kwam te staan en stemmen ze massaal op een ander nummer? Iedereen heeft invloed op de samenstelling van de lijst. Want bij het invullen van de top 5, krijgt de nummer 1 meer punten dan de nummers daarna.

**Stemhokjes en de jukebox**

Vanaf zaterdag 23 november kan er weer gestemd worden via de Frysketop100.nl en de Omrop-app. Daarnaast zullen vier weken lang op verschillende locaties in de provincie stemhokjes opduiken. Alle stemmers maken kans op de Fryske top 100 jukebox. De jukebox wordt weggegeven in de uitzending op oudejaarsdag.

---

**Noot voor de redactie:**

Bronvermelding afbeeldingen: ‘Omrop Fryslân’.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876 of mk@omropfryslan.nl.